



## **Yn Pleatslik Belang sieten it ôfrûne jier:**

**Astrid Koot (skriuwster, Soarch en Wolwêzen en sport)**

**Jan de Jong (ponghâlder en Griem en wegen)**

**Sietse van den Berg (Doarpsstrjitte, Projekt Oer it Kanaal en Wenjen)**

**Rick van Houten (Doarpsstrjitte, Projekt oer it Kanaal, Wenjen en Krigel)**

**Jolanda Kupers (Soarch en Wolwêzen, omjouwing en Pr)**

**Pieter Nauta (foarsitter, Griem en wegen, sport, omjouwing en pr)**

**Aspirant lid Anne-Esther Alstein (wenjen)**

Wy begjinne dit jierferslach mei de iepening fan It Bjinstap, in projekt dat falt ûnder it **kopke Omjouwing!**

It wie in moai projekt Fan ûnderen op. Fiif Nij Beetster ûndernimmers Keuning, Koopmans, Lageveen, Mulder en Rinzema wurken gear om dit foar inoar te krijen. Foar it projekt krigen wy subsydsjes fan de Provinsje Fryslân, de gemeente Opsterlân, de Cornelia Stichting en fan de fan Teyenfundaasje. Hjirtroch stie der in bak mei jild op de rekken fan Pleatslik Belang. Dit jout spanning foar in groep frijwilligers, mar lokkich hiene wy yn Pleatslik Belang de nedige ekspertise yn hûs. Rinze Herrema en Heine Lageveen hawwe fanút harren deistich wurk genôch ûnderfining om net wekker te lizzen fan bedragen boppe de trijehûndert tûzen Euro en Anko Postma hat genôch kommunikatieve feardichheden om mei de ferskillende partijen te oerlizzen. De gemeente Opsterlân hat ek de nedige stipe jûn op ferskillende flakken en sa hawwe wy der mei syn allen wat prachtichs fan makke.

Sietse van den Berg en Rick van Houten hawwe yn de rin fan 2018 it stokje oernaam en op 13 july in moaie feestlike iepening organisearre.

It wettersportgebou en it projekt Oer It Kanaal waarden offisjeel iepene troch wethâlder Rob Jonkman en Henk Hoen fan de Fan Teyenfundaasje en dêrby koe de namme buorkundich makke wurde.

Annie Bergsma hie de namme It Bjinstap betocht. Dizze namme leit in goeie ferbining tusken it ferline en de takomst. Yn it wettersportseizoen is der al drok gebrûk fan makke. Net allinnich de minsken mei boatsjes oan de stegers wiene bliid mei de waarme brûs, mar ek fytsers en kuiers wiene bliid dat se eefkes gebrûk meitsje koene fan it húske. Fan de elektrisiteit dy't mei de sinnepanelen opwekt wurdt hat It Damshûs in protte plezier en eins is it gebou in peareltsje oan it Polderhaadkanaal en is troch in protte minsken al op de foto set, gewoan omdat it sa moai is!

Der hawwe al boaten fan ferskillend kaliber oan de stegers lein, fan brune float oant moderne sloepen. Ek jout it in stikje leefberens yn it doarp, want aksje op it Polderhaadkanaal lûkt ek minsken dy't hjir fanôf de kant fan genietsje. It is somtiden erch drok by Schouwstra'sslûs en it is dan 'fjochtsjen' wa't eefkes op it Henk de Glee bankje sitte mei.

Om't by de iepening fan it kanaal de natoerkompensaasje in grutte en terjochte rol spile is der ek in moai nij stikje natoer by kaam en neist it rolstoelfreonlike paad binne wylde blommen siedde. Wy hoopje dat dit de kommende jierren in prachtich wylde blommensee oplevert.

It gebou wurdt skjinmakke troch Soarchbuorkerij De Ripen yn kombinaasje mei Isabella. Moai om te sjen is dat ferskillende minsken út it doarp de beltsjebloemen by it Bjinstap wetter joegen en dat de boatsjeminsken self om in trekker fregen om de brûshokken skjin te meitsjen!

Wie de iepening fan It Bjinstap ien fan de hichtepunten, fansels stie der folle mear op de wurklist fan Pleatslik Belang. It skriuwen fan de nije Doarpsfisy wie bygelyks ien fan de spearpunten yn 2018. Tegearre mei de leden fan Pleatslik Belang op de jiergearkomste, de bern fan de twa basisskoallen en ynformaasje út it doarpsûndersiik De Dorpspiegels lei der yn juny in moai bûnich dokumint klear mei ferskate aksjepunten. Wy komme hjir anst op de gearkomste eefkes op werom.

## **Griem en wegen**

Mei de gemeente is der in protte oerlis oer griem en wegen.

De Prikkewei wie al jierren in stikel yn it each fan ferskillende bewenners. De brede naad yn it weidek, wie al inkelde fytsers needlottich west. Lokkich is dit no ferline tiid en wy hoopje dat wannear't anst der in nije deklaach oer hinne leit, de Prikkewei der wer kreas by leit.

Op it begraafplak is der yn oerlis mei Pleatslik Belang ek it ien en oar feroare. De treurwylgen binne kapt en dêr is ien nije treurwylch yn it midden foar werom kaam, mei in moaie bank der om hinne en seis beammen rûnom it begraafplak. Ek is it ûnderhâld fan de paden ferbettere.

De gemeente hat yn it bûtengebied twa nije bankjes pleatst, ien op de earste Krúswei en ien by it te wetterlitplak oan de Legewei.

En it bankje, wat ter oantinken oan Nij Beets 100 jier op de van den Bruggenstrjitte stiet is opknapt troch learlingen fan Bouwdiensten BV fan Wietse van der Molen en troch Bauke de Vries. De gemeente hat de strûken en beammen kapt en der ien moai beamke foar werom set.

De Geawei bliuwt in pine yn 'e holle dossier. Der wurde sa no en dan wol lytse stikjes opknapt, mar wy binne hjir net tefreden oer en dit bliuwt in punt fan oerlis mei de gemeente.

Wat ek erch spitich is op de Geawei, dat de stekker út de doarpstún Fol Lof lutsen is. In moai projekt fanút de wurkgroep Duorsumens, wat net wurden is wat wy tocht hiene.

De t-splitsing by Piers Hiem is in 60 kilometer sône wurden. Der is it ien en oar feroare, sa as in nije kleur op it weidek. De komme noch wat lytse oanpassingen en ek komt der in keunstwurk te stean. Wy hiene wat in oare ferwachting fan it gehiel, mar it is yn elk gefal net minder wurden!

It fytspaad tusken de Janssenstichting en de Leppedyk is opknapt en nei klachten fan fytsers nochris opnij besjoen.

### Ek ûnder wegen falt **de Doarpsstrjitte**

Dochs is dit in projekt op himsels wurden. Dit is ek wer in projekt Fan ûnderen op en is bewurklaker wurden dan wy earst tochten. It doel is om de Doarpsstrjitte fan brêge oant brêge op te kreasjen. It giet dan foaral om de grienstrook en it stik foar de Supermerk. Hjirfoar is jild beskikber kaam út it Iepen Mienskipfûns fan de provinsje. Tegearre mei firma Koopmans en leanbedriuw Lageveen is in plan makke. En nei oerlis mei de buertbewenners yn juny 2018, wie it doel om yn it neijier los te gean. Dit is net slagge.

Wy hawwe leard dat it handiger is om earst in begrutting te meitsjen en dan hjir jild by te sykjen. No wie der al in bedrach en hjir moasten wy it mei dwaan. De gemeente is yn febrewaris 2019 akkoard gien om €17.000,- der by te lizzen en no kin it plan útfierd wurde. Neist it opknappen fan de grienstrook komme der wer sa'n 7 beammen en in moai pleintsje foar de Supermerk. Fanút Pleatslik Belang is der ek noch finansiering fûn foar in oanlissteger foar de Dagwinkel. (Ek op de Blauwe Kampwei wurde ynkoarten inkelde beammen herplantte.

Troch dit projekt murken wy wer dat 'Fan ûnderen op', in protte tiid kost fan frijwilligers en is it eins handiger dat de gemeente earder oanskoot by it meitsjen fan plannen om letter problemen te foarkommen.

### **Soarch en wolwêzen**

De gemeente hat it ûndersyk De Dorpsspiegels hâlden begjin 2018. Hjir binne ek foar soarch en wolwêzen in pear punten útkaam. Hjirmei binne wy yn oerlis west mei it Doarpssteunpunt. Wy hawwe it oer de sichtberens fan it Doarpssteunpunt hân en hjirnei de nammen fan it Doarpssteunpunt, Gatske van Houten en Watze en Aukje Stob yn de NijsBeetster publisearre en ek oanjûn wat it Doarpssteunpunt betsjutte kin of hokfoar dingen troch it WMO loket yn Beetstersweach oplost wurde kin. Dochts dogge wy ek in berop op de ynwenners fan Nij Beets om de buorlju yn de gaten te hâlden en ris op in kopke kofje te gean by in buorman of – frou dy't dêr ferlet fan hat en sa no en dan in putsje te dwaan. No kaam ek wol wer út de Dorpsspiegels nei foaren dat dit lokkich ek faaks wol bart! **Wêrfoar hulde!**

### **Oerlêst falt ek ûnder Soarch en wolwêzen.**

Yn febrewaris 2018 hawwe wy oerlis hân mei de gemeente, jongereinwurk en de doarpsplysje. Dit gie ek oer de oerlêst fan inkelde jongeren yn 2017. Ek it ôfrûne jier hat de fuotbal lêst hân fan jongerein dy't yn de simmer fuotbalje op stikken fjild dy't krekt ynsiedde bin en ek wie der sa no en dan oerlêst by it fuotbalfjildjse by it gymlokaal.

Hjir binne hegere hekken pleatst en der is in nij doeltsje skonken troch de fuotbal. Twa âlders en in groepke jeugd hat juny foarich jier al in plan yntsjinne by de gemeente foar in Pannakoai by de iisbaan. Dit kealle hiel swier. Troch kommunikaasje problemen en wikselingen fan amtneren is dit in tiid yn in burolaad lizzen bleaun. It is lokkich wer boppe wetter, mar der is neffens my noch gjin grien ljocht.

It is net sa dat wy de jongerein harren wille net gunne, juster wiene der twa groepkes jongeren oan it fuotbaljen op it trainingsfjild fan Blue Boys, moai om te sjen!

In oar 'probleem' wie yn 2018 de fierstente hurd farrende jongeren (en somtiden ek âlderen) op it Polderhaadkanaal. Se wurde der wol op oansprutsen troch oanwennenden fan it Kanaal en boatsjeminsken, mar dit docht gjin fertuten. Wy binne bliid dat de jongelju in protte plezier hawwe fan it iepen farwetter, mar binne net bliid mei it fargedrach. Wy fine hjir seker in taak weilein foar harren âlders, om hjir op ta te sjen en oan de keukentafel mei harren oer te praten. Dochs hawwe wy ek oan de gemeente frege om better te hanthavenjen!

## **It Trefpunt**

Wy binne, tegearre mei help fan Frans Schoutsen, dwaande west om it bestjoer fan It Trefpunt te fernijen. Nei in goed besochte gearkomste mei de brûkers fan it doarpshûs, yn maart 2018, kamen der spontaan in pear kandidaten dy't harren wol ynsette woene yn it bestjoer fan It Trefpunt. Yntusken is der in foltallich bestjoer fan fiif minsken en binne der inkelde dingen oanpakt. It Trefpunt hat in frisse skildersbeurt krigen en der binne wat saken oars organisearre. Ek binne der al inkelde grutte aktiviteiten west yn it Trefpunt, sa as it hiel goed besochte Keetfeest, in krystmerk en in Ald en Nijfeest. Op ferskillende jûnen is it drok yn It Trefpunt. Ien en oar leit wol in protte beslach op de tiid fan it nije bestjoer. It soe dan ek hiel winsklik wêze dat de groep frijwilligers grutter wurdt en dat minsken bûten it bestjoer it behear fan It Trefpunt op harren nimme wolle. Hjirtroch kinne de nije bestjoerders harren dwaande hâlde mei oare saken. Yn juny 2018 is der mei in resepsje ôfskied nommen fan de twa bestjoersleden Aalsen en Frits, de lêste siet al fanôf de begjin jierren yn it bestjoer.

## **Wenjen**

Wy hawwe yn juny 2018 op it oerlis mei Boargemaster en Wethâlders in behoefte list presintearre fan sa'n 20 jongeren, gesinnen en senioren dy't in nije wenplek yn Nij Beets ha woene. As ferfolch hjirop hawwe wy yn septimber mei in ambtner om tafel sitten en inkelde winsken kenber makke.

Dizze ambtner hat ús sjen litten wêr't de sône yn Nij Beets lei wêr't noch nije hûzen boud wurden mochten. Hjir waarden wy net erch bliid fan, mar krigen te hearren dat dit fanút de provinsje sa bepaald wurdt. Ek krigen wy te hearren dat der in nije behoeftepeiling komme moast. Hy soe yntusken ús plannen yn de ferskillende lagen fan de gemeente besprekke. Hjir krigen wy net ien / twa antwurd op en wy hawwe yntusken besprutsen om in wurkgroep Wenjen op te tugen. Dizze groep giet op koarte termyn sjen wat der mooglik is. Yntusken ha se al koart kontakt mei de gemeente en twa partijen dy't wol plannen hawwe foar wenningbou yn Nij Beets. Wy hoopje dat der yn de simmer fan 2019 konkretere plannen op tafel lizze. It soe hiel spitich wêze om bygelyks de jongeren kwyte te reitsjen oan doarpen om ús hinne wêr't wol boud wurdt. Ek ha wy yn 2018 in petear hân mei de direkteuren fan beide basisskoallen. Yn it nije húsfestingsplan fan de gemeente wurdt der sprutsen oer fer- / nijbou fan de skoallen en dan ûnder ien dak. Der binne petearen geande tusken de skoallen en hjiryn wurdt ek meinaam wêr't it bêste plak is foar de nije húsfesting. Foarkar hat it plak wêr't no de Arke stiet. Hjirtroch soe der op it plak fan De Jasker plak frijkomme foar miskien wat hûzen. Ek wurdt yn dit proses besjoen oft der mooglik in koppeling komme kin mei it doarpshûs en hoe't wy in gymlokaasje foar Nij Beets behâlde kin.

## **Glêsfezel**

Yn septimber is der troch Kabel Noard in inisiatyf ûntwikkele om glêsfezel yn it bûtengebied fan Opsterlân oan te lizzen. De start fan dit projekt wie yn Piers Hiem. Wethâlder Rob Jonkman joech hjirby in skeppe oan de minsken fan Kabel Noard mei de winsk dat dizze gau de grûn yn koe. Dizze skeppe past ek goed by Nij Beets, want wie it net yn 1863 dat boargemaster Lycklema à Nijeholt de earste skeppe by de Leppedyk de grûn yn stuts, wat it begjin wie fan Nij Beets. Der wiene op dizze ynformaasjejûn in protte minsken mei fragen mar foaral ek mei belangstelling foar snel ynternet. Wy hawwe fanút Pleatslik Belang dit plan stipe jûn en mei in groepke belanghawwenden ekstra promoasje makke.

Yn Opsterlân hat 78,5 prosint fan de minsken yn it bûtengebied in oanfraach dien en hjirmei oan de eask fan 60 prosint foldien. It glêsfezelnet wurdt dit jier oanlein en hjirtroch is nei 1863 in nije stap set yn de ûntwikkeling fan Nij Beets.

## **Krigel / duorsumens**

Pleatslik Belang hat ek in sit yn it bestjoer fan Krigel. Hjirtroch hawwe wy koarte lyntsjes oer en wer. Foarige wike is der in drokbesochte jiergearkomste fan Krigel west, hjir binne harren inisiativen beneamd. Tegearre mei Krigel binne wy ynformearre troch Groenleven en van der Wiel oer sinnepanelen op de Sânwinningsput. Hjir krije jim nei it skoft mear oer te hearren.

## **Doarpsbudget**

Al in oantal jierren krije wy as doarp fan de gemeente in budget om 't te jaan oan saken dy't ten goede komme oan Nij Beets. It ôfrûne jier is der jild gien nei de feestkommisje (€750,-), in ferfangende AED yn It Trefpunt (€750,-), ferljochting fan it Skûtsje (€64,-), de Krobbetún (€500,-), it ynformaasjepunt TIP by Halte Leppedyk (€100,-) en de krystmerk (€269,-)

## **Sport**

Der binne ferskillende sportferieningen yn Nij Beets en hjirtroch is it bêst swier om genôch bestjoerders te finen. Pleatslik Belang hat in pear kear meitocht mei de ferieningen. Ek besykje wy te stimulearren om mear gebrûk fan inoar te meitsjen op it flak fan frijwilligers en fragen rjochting gemeente te bondeljen. Yn de lêste NijsBeetster stie in needoprop fan de gymfereining. Dit binne spitigernôch opropen dy't de lêste jierren te faak komme. Miskyn moatte de fereiningen dochts tinke om saken te koppeljen of regelje te litten troch ien oerkoepeljend orgaan. Yn elts gefal hjiroer it petear meiïnoar oangean.

Yn septimber 2018 wie der bygelyks in gearkomste tusken de ferskillende kommisjes by Blue Boys. Hjir binne moaie aksjes út nei foaren kaam en dúdlik waard dat sels binnen in feriening de ferskillende kommisjes net alles fan inoar witte en troch ôfspraken te meitsjen 'wa wat docht', der somtiden minder minsken nedich binne of bestjoersleden net alles self hoege te dwaan en foaral oan bestjoeren takomme! Yn in oerlis fanút Pleatslik Belang mei de ferskillende ferieningen op de Blauwe Kamp binne ek moaie ôfspraken kaam oer sichtberens en mooglik bondeljen fan aktiviteiten.

## **Pr**

Wy binne noch altyd tige wiis mei ús moaie doarpskrante de NijsBeetster. Wêrfoar tank oan de redaksje. Wy hawwe op 16 jannewaris in nijjiersboarrel organisearre foar ferieningen en ûndernimmings dy't mei ús Nij Beets noch better op de kaart sette wol. Mei de 25 belutsen minsken ha wy brainstoarmd oer dit ûnderwerp. Angelique Blekkink liet in pear websiden fan doarpen sjen wêr't it foar in toerist maklik te sjen is wat der allegear te rêden is yn in doarp en de omjouwing. Hjir kinne wy noch in slach meitsje yn Nij Beets. Der binne in pear aksjepunten út kaam. Wy hawwe ûnder oaren al in petear hân mei de ferienings fan de Blauwe Kamp en sa as al earder neamd en ek binne der plannen foar in oare webside.

## **Wrâldkampioen**

Wy hawwe mei de Iisferiening Eendracht en buertferiening Tusken Bank en Brêge in huldiging foar Femke Kok organisearre op freed 5 maart en wiene hiel grutsk mei har dat se fan de boargemaster de Sportpenning fan de gemeente Opsterlân útrikke krige.

Dit wie in moai barren en mei ûndersteuning fan dweilorkest De Boljeiers út ús buordoarp Tijnje binne Femke en har âlden yn it sintsje set!

Femke hie oan it begjin fan it seizoen al in kado krigen foar it winnen fan trije Worldcups, krekt as Mirthe Doornekamp dy't foar de twadde kear Nederlânsk kampioen full contact karate wurden is. Moai dat wy yn Nij Beets ferskillende talinten hawwe!

Mei dit moaie barren binne wy hast oan 'e ein fan it jieroersicht kaam.

Mar goed om te fertellen is dat wy net allinnich stean yn alles wat wy dogge. Wy hawwe regelmjittich oerlis mei de gemeente, wêrûnder ek ien kear per jier oerlis mei Boargemaster en Wethâlders. En ek ha wy in kear fergadere mei Pleatslik Belang de Veenhoop en in kear mei Pleatslik Belang Tijnje.

Sa sjogge jim dat der in protte bard op allegear flakken.

Mar by alles wat wy dogge binne wy fansels ek ôfhinkelik fan de ynformaasje, stipe, feedback en help dy't wy fan jim krije, wêrfoar tank!

Tank dus oan alle minsken dy't Nij Beets sa'n prachtich doarp meitsje om te wenjen en te rekreëarjen. Yn de Dorpsspiegels jout 88 prosint fan de Nij Beetsters oan dat se harren ferantwurdlik fiele foar harren doarp.

Hjir skoare wy 11 prosint heger dan it gemiddelde yn de oare doarpen. Wy hoopje dus ek dat wy yn de takomst it doarp fan de frijwilligers neamd bliuwe yn Opsterlân. In earetitel wêr wy grutsk op binne.